



FRYSLÂN

**WETTERSCHIP
FRYSLÂN**

**FERKIEZINGPROGRAMMA
2023-2027**

YNLIEDING

CDA Fryslân set mei har programma foar de nije bestjoersperioade 2023-2027 by Wetterskip Fryslân yn op de wearden en de sosjaal-kristlike tradysje dêr't ús Fryske mienskip troch de iuwen hinne op boud is. We binne dêrmei in folkspartij foar alle ynwenners fan it wurkgebiet fan it Wetterskip, dy't útgeande fan kristlike en sosjaal demokratyske útgongspunten, stiet foar in konsistint polityk bestjoer. Sawol de lânbouwers op it plattelân as de bewenners fan ús stêden en kearnen kinne op ús rekkenje. It CDA wol aktyf en mei each foar alle belanghawwenden bydrage.

Analooch oan feilich en stabyl wetterbehear, bout ús programma fierder op belangrike doelstellingen en ferwurvenheden dy't mei-inoar boarch stean foar de hege kwaliteit dy't it wurkgebiet fan it Wetterskip hat foar wenjen, bedriuwen, lânbou en natuer. Hieltid hat effektyf wetterbehear hjirfoar in ûnmisbere rânebetingst west, en dat sil it yn de takomst seker bliuwe.

Mei grut respekt foar organisaasjes, oerheden en minsken dy't dit mooglik makke hawwe wolle we fan 2023 ôf, opnij en mei in modern en stabyl bestjoer en in eigentiidske organisaasje dy't tichtby ynwenners en brûkers stiet, stappen sette foar takomstige generaasjes. Mei ús CDA partijprogramma foar Wetterskip Fryslân bepale we as partij de koers, mar ús keazen bestjoerders krije de romte om hieltyd adaptyf te hanneljen yn in dynamyske omjouwing.

GRÛNBEGJINSELS

CDA Fryslân basearret him op kristen-demokratyske grûnbegjinsels, mei soarch foar elkoar as dragend útgangspunt. Fan âlds hâldt dat by ús yn dat we útsprate ferantwurdlikheid, rintmasterskip, solidariteit en publike gerjochtichheid as kearnwearden hawwe. Wat betsjut dat?

- Dat we ferantwurdlik binne foar ússels en foar dyn famylje, freonen en direkte omjouwing. Dizze ferantwurdlikheid diele we mei bedriuwen, ferieningen en soms ek de oerheid. De oerheid binne we mei-inoar.
- It wurkgebiet fan it Wetterskip, dit is de Provinsje Fryslân en it Grinzer Westerkwartier, moatte we goed bewarje, beskermje en ûntwikkelje. We wolle ús ierde goed trochjaan oan ús bern- en bernsbarn. Dat kinst dwaan mei tiid, ynset en jild. Ferantwurde omgean mei de middels fan it Wetterskip is ek rintmasterskip.
- Ferantwurdlikheid drage is ién. Atst dat kinst mar net wolst, dan meist dêr wat ús oangiet bêst op oansprutsen wurde. Libbest hjir net allinnich mar foar dysels! Mar soms wolst wol, mar kinst it ienfâldichwei net. Yn dat gefal moatte we der as maatskippij wêze foar minsken dy't it allinnich net mear oankinne. Sosjaal, finansjeel of mei oare help. Solidariteit freget ynset fan twa kanten. Fierder as allinnich ik én as skyld foar de swakkeren.
- 'Lit dyn ja in ja wêze.' CDA Fryslân fynt dat de oerheid betrouber en kontrolearber wêze moat. Dus atst "ja" seist, datst ek "ja" dwaan moatst. Elkenien moat ek lykweardich behannele wurde yn deselde situaasjes. Of, as dat net bart, dat it helder útlein wurdt wêrom net. Dúdlik, transparant en kontrolearber.

Wolst mear witte oer de CDA-kearnwearden en begjinsels? Sjoch dan op

<https://www.cda.nl/standpunten/uitgangspunten>

GENIETSJE MEI WETTER

Wetter is dêrfoar by útstek in ferbinend elemint. It is in boarne fan libben, goed foar de toarst, in driging en biedt fermaak. It ferbynt ús: in tekoart of oerskot rekket ús allegear. Foar ús wurkgebiet, Fryslân en it Grinzer Westerkwartier, jildt dat wetter ûnderdiel is fan ús identiteit: de Fryske Alvestêden, de Fryske Marren, ús beekdellings en de lizzing oan de Iselmar en de Waadsee. Wetter foarmet ús omjouwing: sûnder de beskikberheid fan wetter is ús lanbougrûn neat wurdich. Sterker noch, de fruchtbere klaaigrûn yn de eardere Middelsee hawwe we lykas as âldere polders en yn kultuer brochte gebieten te tankjen oan it wetter.

Wetterskip Fryslân moat krekt sa ferbinend wêze as it wetter dat it beheart want it wetter is fan net ien en tagelyk yn it belang fan allegear. Net 'sy fan it Wetterskip', mar 'ús Wetterskip' komt del. We hawwe as mienskip mei-inoar in ferantwurdlikheid méi ús Wetterskip om inoar te helpen op takomstbestindige wize om te springen mei skjûn drinkwetter, in fruchtbere omjouwing en ús feilichheid.

Wetterskip Fryslân is in útfieringsorganisaasje. Net prate mar dwaan. Praktykkennis stiet foarop, it giet dêrby net allinnich om praktyk út de behearder wei, mar ek om de kennis en praktyk fan de brûker. Koarte linen binne belangryk, de wetterskipsminsken yn it fjild tinke mei mei de brûker en jouwe dêrby útfiering oan it (lange termyn) belied fan Wetterskip Fryslân

Wy as Wetterskip Fryslân drage de ferantwurdlikheid foar wetter, wêr't oaren ferantwurdlikheid hawwe foar lânskipsbehear, bedriuwichheid, enerzjy en iten. Us ferantwurdlikheden stean net los fan elkoar mar binne ûnderdiel fan in grutter systeem dêr't we mei-inoar de lusten fan hawwe, mar ek mienskiplik de lêsten fan drage moatte.

Yn ús ferkiezingsprogramma lêze jo wat we berikt hawwe en wêr't we oan wurkjen bliuwe.

Dêrnei folgje 7 tema's:

1. Wetterskip Fryslân: sosjaal belutsen
2. Wetterfeilichheid
3. Genôch swiet wetter
4. Skjin wetter
5. Klimaat en biodiversiteit
6. Feangreide
7. Wat is it ús wurdich?

Elk tema hat in ynliding, mei ús útgongspunten en de resultaten dy't we berikke wolle.

WĚROM CDA

Foar it CDA is rintmasterskip in wichtige kearnwearde. We beheare ús lân en wetter, tegearre mei ús mienskip, foar ús takomstige generaasjes. It CDA stiet bekend as in ûndernimmende partij. We sjogge op pragmatyske en ynnovative wize nei wetterbehear, mei it belang fan takomstige generaasjes útdruklik foar eagen. We dogge dit koste-effektyf. Eigeners en brûkers fan wenningen, bedriuwen en stikken lân brûkt as lânbougrûn hawwe mei-inoar en yndividueel belang by goed wetterbehear. Elkenien draacht by en elkenien profitearret.

It byld fan it CDA fan de minsk is rjochte op 'byinoar wêze', want "mei-inoar libje dochst net allinnich". De bestjoerder en meiwurker fan Wetterskip Fryslân is dêrom altyd yntiids en aktyf belutsen, mei de mienskip en de omjouwing. We hawwe as bestjoerlike middenpartij by it ynfoljen fan de Wetterskips taken each foar de ferskillende maatskiplike belangen.

WETTERSKIP FRYSLÂN DOGGE DER TA!

De finansjele situaasje fan Wetterskip Fryslân is op dit stuit soarchlik. Der is sprake fan in hege skuldêst. Dat komt ûnder oaren omt in tal oerheidstaken (ferplicht) oernaam wurde moasten. Boppedat binne de ekonomyske prognoazes net geunstich: elkenien sil de kommende jierren fiele dat de ekonomy krimpt. Foar Wetterskip Fryslân sille de kaosten de kommende jierren ek tanimme. En dat kin allinnich kompensearre wurde troch of hegere wetterskiplêsten, besunigings of ekstra jild krije. By it CDA sjogge we dat hegere lêsten eins gjin opsje binne. We wolle dat it Wetterskip te beteljen bliuwt foar boarger, ûndernimmer en brûker. Dat betsjut dat der de kommende tiid goed sjoen wurde moat nei it beheinen fan de kosten, de útfiering fan taken en troch keuzes te meitsjen oer de organisaasjestrúktuer of yndeksearring. Yn en mei de 'Unie van Waterschappen' sille we pleitsje foar in gruttere rol foar de ryksoerheid yn de algemiene finansiering fan de wetterskippen, krekt as dat fia it gemeentefûns en provinsjefûns foar oare oerheden al in feit is.

WAT HAT IT CDA OANT NO TA BERIKT?

It CDA hat in rike histoarje yn de skiednis fan Wetterskip Fryslân. We binne nau belutsen by hoe Wetterskip Fryslân funksjonearret, hoe't it him opstelt yn de mienskip en fiele ús as rintmasters ferantwurdlik foar de takomst. In takomst wêryn't wetterfeilichheid in fanselssprekkendheid wurden is, en ferskate funksjes lykas de lânbou en it stedsgebiet op maat betsjinne wurde.

It oanlizzen fan rioelwettersuveringsynstallaasjes yn Nederlân, mar ek yn ús wurkgebiet, soarge foar in geweldige ferbettering fan de wetterkwaliteit. Dit hat grutte kostbere ynvestearings frege dy't earst betelber bliken te wêzen troch tûk te ynvestearjen. We bestjoerden mei by it fersterkjen fan de diken, mei in oanpak rjochte op it gebiet. De feilichheid fan alle ynweners fan it wurkgebiet fan it Wetterskip hat dêrby foar it CDA altyd it útgongspunt west. It CDA hat hjir altyd sterk foar pleite. Mar we binne der noch net. Fierdere ferbetteringen binne mooglik en ek nedich.

WÊR SET IT CDA HIM DE KOMMENDE JIERREN FOAR YN?

Wetterskip Fryslân jout de kaders oan foar har kearntaken: feilichheid en genôch en skjin wetter. Om dat realisearje te kinnen en goed foarm te jaan is it Wetterskip yn petear mei de (feroarjende) omjouwing: de Fryske gemeenten en har ynweners, boeren en ûndernimmers yn bygelyks de rekreaasjesektor. **We fine it belangryk dat ynweners ek eigen ferantwurdlikheid nimme en dat Wetterskip Fryslân dêrfoar romte en fertrouwen jout.**

It CDA fynt it belangryk dat Wetterskip Fryslân **iepen yn de maatskippij** stiet. Der is romte foar de deskundichheid en belutsenheid fan ynweners. Der wurdt gebrûk makke fan de ynnovative kennis fan bedriuwen en ynstellingen. Bygelyks op it gebiet fan rioelwettersuvering lizze kânsen om mei private en regionale spilers gear te wurkjen. Wetterskip Fryslân past foar it behear en ûnderhâld it prinsipe fan **“Right to Challenge”** ta. Hjirmei wurde boargers, boeren en bedriuwen útdage om mei Wetterskip Fryslân te wurkjen oan regionale oplossingen en knyp punten.

Lokale inisjativen dy't bydrage oan de kearntaken, wurde troch it Wetterskip posityf ûntfongen en krije stipe. Tink hjirby oan it brûken fan eigen pompen by wetteroerlêst, de tûn minder fol mei tegels of mear agrarysk natuerbehear.

Wetterskip Fryslân wurket effektyf gear mei oare oerheden. Foar it realisearjen fan grutte opjeften set it har maksimaal yn om **fia in programmatyske en in oanpak rjochte op it gebiet, provinsjale, lanlike en Europese fûnsen binnen te heljen om de opjeften te realisearjen.**

By it CDA, mar ek by Wetterskip Fryslân, giet it net oer in abstrakte organisaasje mei feiten, sifers en in organogram. It giet oer in gearwurking en it gearwurkjen fan minsken. Sawol yn de organisaasje as yn it wurkfjild bepale minsken de rol dy't Wetterskip Fryslân yn de mienskip nimt, en tabedield kriget. **De bestjoersstyl fan it Wetterskip is iepen en nei bûten rjochte.** Gearwurkje mei gemeenten, provinsje en natuer- en miljeu-organisaasjes bart tsjintwurdich in soad yn de foarm fan projekten. It CDA set him der mei klam foar yn dat meiwurkers fan Wetterskip Fryslân, nettsjinsteande de grutte omfang fan it wurkgebiet en de skaal fan de organisaasjes, alles dogge om tichtby boargers, bedriuwen en boeren te stean.

Aktive kommunikaasje mei ynwenners, bedriuwen en ûnderwiis oer alles wat Wetterskip Fryslân docht of dwaan sil is de noarm. Bestjoerders en meiwurkers traapje yn harren kontakten mei ynwenners en ûndernimmers net yn de falkûle fan fierdere juridisearring en burokratisearring, mar sykje krekt nei mooglikheden foar **minder regels en maatwurk**. Yn de gearwurking foar feilich, genôch en skjin wetter stelt Wetterskip Fryslân him sichtber en **transparant** op foar de mienskip.

It CDA stiet bekend as folkspartij mei in skerp each foar de problemen en útdagingen fan stêd en plattelân. Foar beide jildt dat goed wetterbehear fan grut belang is mei in eigen oanpak, dy't past by de omjouwing. Foar it CDA moat de skynbere tsjinstelling op it gebiet fan wetterbehear tusken stêd en plattelân sljochte wurde. Goed wetterbehear soarget foar drûge fuotten, minder hjittestress yn de stêden en genoch en skjin wetter foar alle ynwenners fan ús prachtige provinsje.

SOSJAAL BELUTSEN, BEGRYPLIK EN BETROUBER

Mei maatskiplik bewustwêzen, ynnovaasje en fia in waarme bân mei de ynwenners hâldt Wetterskip Fryslân posysje as in **oantreklike wurkjouwer**. Om selsstannich har keartaken út te fieren beskikt it oer genôch kwalifisearre persoanen. Neist kompetinsjes op technysk en ynhâldlik flak binne meiwurkers sosjaal by ús mienskip belutsen. “Oparbeidzje mei de mienskip” is it kredo foar bestjoerders en meiwurkers fan Wetterskip Fryslân. We sykje de dialooch mei belanghawwenden fia ús rayonbehearders yn it persoanlike kontakt, yn stee fan mei brieven en oansizzingen.

Wetterskip Fryslân is in **wurdere partner foar de kennisinstellingen** yn de regio. It biedt staaizeplakken en programma's dêr't meiwurkers harren bliuwend mei ûntwikkelje kinne. It CDA wol dat der programma's opset wurde wêrmei't basisskoalbern en middelbere **skoalbern** en studinten yn it beropsûnderwiis leare kinne dat drûge fuotten, ûnder de seespegel, net fanselssprekkend binne. Bestjoerders en meiwurkers fan Wetterskip Fryslân krije dêrby in belangrike rol as ambassadeurs fan it wetterbehear. It organisearjen fan de ferkiezing fan in Jeugdedykgraaf moat derfoar soargje dat basisskoalbern belutsen binne by it wurk fan Wetterskip Fryslân. It Woudagemaal mei it besikerssintrum wurdt in belangrike hotspot foar dizze ûntwikkelingen.

Wy stean foar:

- Wetterskip Fryslân yvestearret yn harsels as oantreklike wurkjouwer mei genôch kwalifisearre meiwurkers
- It opsetten fan lesprogramma's foar skoalbern en studinten oer wetterbehear.
- It ynsetten fan bestjoerders en meiwurkers fan Wetterskip Fryslân as ambassadeurs wetterbehear, mei û.o. it Woudagemaal as ynspiraasje hotspot.
- It organisearjen fan de ferkiezing fan in Jeugdedykgraaf op Fryske basisskoallen

WETTERFEILICHHEID

It is goed ús te realisearjen dat sûnt de wettersneedramp yn 1953 hurd wurke is oan benammen ús see- en Iselmarkearingen. Wetter streamt fan heech nei leech en yn in lân ûnder de seespegel is it hâlden fan drûge fuotten in grutte prioriteit. Feilichheid is foar elkenien belangryk. Droege fuotten is wat dêr't we miskien wol te min by stilstean.

De kâns dat in ramp him werhellet is neffens de saneamde Deltanoarm lyts wurden. We meie ús op dit stuit feilich fiele achter dy wetterkearingen. It CDA hat op lanlik, provinsjaal en seker ek op wetterskipsnivo altyd in prominente rol foar wetterfeilichheid spile.

Dochs moatte der hieltyd wer belangrike ynvestearringen dien wurde om Fryslân te beskermjen tsjin oerstreamingen fan de Waadsee en de Iselmar. Der lizze noch in soad kilometers dyk dy't foar 2050 foldwaan moatte oan de nijste feilichheidseasken. By dy projekten moat mei hieltyd mear belutsenen bepraat wurden wat de fokus is. Fansels is dy benammen rjochte op wetterfeilichheid. Mar it CDA wol mei in bredere oanpak rjochte op it gebiet de opjeften en winsken fan oaren meinimme. Gearwurking is hjirby wichtich.

GJIN LÂNBOUGRÛN FOAR DYKFERSTERKING

Allinnich de diken mar ferheegje is net altyd de oplossing. We hechtsje wearde oan ús **iepen lânskip** en sicht op wetter. Ynnovative dykkonsepten kinne der ta liede dat fersterking net altyd ferheging fan diken hoecht te betsjuten. Ynnovaasjes en ferbredingen sille by foarkar oan de kant fan it Waad of de Iselmar plakfine. Dêrby soargje nije kwelderstreken lâns diken foar dykfersterking en biodiversiteit. Op plakken dêr't dykfersterking lykop giet mei natuerprojekten, bygelyks troch it kreëarjen fan brakwettersônes, moat neffens it CDA gjin lânbougrûn brûkt wurde. Natuergebieten biede dêrfoar bettere mooglikheden. In goed foarbyld hjirfan binne de inisjativen om de Lauwersmar hinne dêr't mei behâld fan goede lânbougrûn swiet-sâlt oergongen en natuerprojekten komme.

De reservearringsônes foar takomstige dykfersterkingsprojekten op lân binne breed. Dêrtroch wurde de gebrûksmooglikheden foar bewenners en bedriuwen beheind. Undersocht moat wurde oft dy sônes smeller makke wurde kinne. It CDA achtet de Heechwetterbeskermingsprojekten fanwege harren omfang kânsryk foar komby kânsen foar duorsumens en sirkulariteit. By de oanbesteging fan wurken wolle we dizze kânsen fersulverje.

GRUTTERE WETTERBERGING

Oerstreamingen moatte tefoaren kaam wurde. Doch is neffens it CDA fersterking net altyd nedich as it mooglik is om de gefolgen fan in oerstreaming te ferlytsen. Troch in op it gebiet rjochte oanpak kin hjir ek mei de belutsenen nei sribbe wurde om it wetter fêst te hâlden troch in mear natuerlike ynrjochting, sadat de gefolgen fan in oerstreaming lytser binne. Sa'n oanpak is boppedat klimaatadaptyf, omdat it de wetterberging grutter makket. De Kader Richtlijn Water (KRW)-maatregels, bedoeld om de kwaliteit fan it oerflaktewetter oan de Europeeske noarmen foldwaan te litten, kostje in soad jild. Projekten yn dit kader wurde by foarkar útfierd yn kombinaasje mei klimaatmaatregels, lykas it fergrutsjen fan de berging fan de Fryske boezem. Of yn kombinaasje mei ferbetteringswurken oan de wetterkearingen lâns de boezem. Der kin ek tocht wurde oan natuer- en rekreaasjeplannen. Troch wurk mei wurk te meitsjen ûntstean win-win en faaks win-win-win-sitewaasjes.

As lêste moat ek it rekreative aspekt net út it each ferlern wurde. Guon regionale wetterkearingen liene harren prima foar de oanlis fan fytspaden. Wêr't dat kin, fynt it CDA dat dat stimulearre wurde moat, sadat elkenien fan de Wetterskips-wurken **genietsje** kin.

Wy stean foar:

- It ferheegjen fan diken fia in op it gebiet rjochte oanpak mei belutsenen. We sjogge mei klam nei ynnovative dykkonsepten, om kosten te besparjen en de feilichheid te fergrutsjen.
- Lânbougrûn wurdt net brûkt by dykfersterking. Natuergebieten biede dêrfoar bettere mooglikheden.
- Fryslân is in prachtige rekreaasjeprovinsje. Wetterskipswurken lykas wetterkearingen kinne brûkt wurde as fytspaden.

GENÔCH SWIET WETTER

Noch mar in bytsje minsken dy't nei 1960 berne binne, witte fan de wetteroerlêst dy't Fryslân, benammen yn it midden fan de provinsje, sawat alle jierren trof. Sûnt de oanlis fan it Hooglandgemaal yn Starum, ferbetteringen yn de wetterhúshâlding en fersterkingen fan regionale wetterkearingen binne we yn Fryslân goed beskerme tsjin wetteroerlêst. Dy feilichheid is in fanselsprekkendheid wurden. Hjir hat de bestjoerlike ynfloed fan it CDA ek oanmerklik oan bydroegen.

De wetteroerlêst fan 2016 en de drûchte fan de ôfrûne jierren litte sjen dat it hjoeddeiske wettersysteem kwetsber is foar ekstreme waarsituaasjes. Dêrom is it needsaaklik dat we maatregels treffe. Dy maatregels wurde útfierd yn sawol de lanlike gebieten as yn de wettersystemen yn de beboude gebieten. It is needsaaklik dat begryp fan wjerskanten bestiet foar de maatregels dy't dêrby nedich binne. It CDA wol dat yn de kommunikaasje fan it Wetterskip Fryslân **depolarisearring** tusken belangengroepen in útgongspunt is. a

MEAR SPUIKAPASITEIT LAUWERSEACH

Fansels is ek it adagium *Fêsthâlde, Bergje en Offiere* fan wetter in belangryk útgongspunt.

Wat it ôffieren fan wetter út de boezem oangiet hat it CDA soargen. De spui kapasiteit fan de slûzen by Lauwerseach en by Harns wurdt lytser troch stiging fan de seespegel. It komt te faak foar dat oertollich wetter út Fryslân net spuid wurde kin nei de Waadsee. Mei as gefolch dat yn guon gebieten sprake is fan tanimmende langduorjende wetteroerlêst. Fryslân is foar syn ôffier foar 70% ôfhinklik fan de spui kapasiteit op de Lauwersmar. It CDA wol dat der no echt in plan, mei dêrby hearrende finansjele dekking, makke wurdt foar fergrutting fan de ôffierkapasiteit by Lauwerseach yn de foarm fan pompkapasiteit. Underdiel fan dit plan kin wêze dat de mooglikheden foar wetterberging en it fêsthâlden fan wetter yn it noarden fan de provinsje better benut wurde om dêrmei wettersteatkundige risiko's fierder te ferlytsjen.

FERDIELING FAN SWIET WETTER

Foar de bestriding fan it sâlt wurden fan de grûn troch it omheechkommen

fan de seespegel en boaiemdelgong is genôch wetteroanfier nedich út de Iselmar. Dat jildt ek foar tiden fan drûchte as der genôch wetter wêze moat foar it bereinen fan agraryske perselen, natuergebieten en sportfjilden. En om it grûnwetterpeil net allinnich op heger lizzende gebieten te fier sakje te litten. It CDA makket him dêr grutte soargen oer en wol dat der op Ryksnivo goede ôfspraken makke wurde oer it ynlitten fan wetter út de Iselmar. It giet dêrby om de Iselmar as swietwetterbekken en de ferdieling fan swiet wetter oer de trije noardlike provinsjes.

Boaiemdelgong troch it winnen fan delfstoffen is ek in oandachtspunt. It CDA fynt dat alle skea dy't dêrtroch oan it wettersysteem tabrocht wurdt, fergoede wurde moat troch de feroarsaker.

Wy stean foar:

- It opstellen fan in plan mei finansjele dekking foar fergrutting fan de ôffierkapasiteit by Lauwerseach yn de foarm fan pompkapasiteit.
- It fergrutsjen fan de bergingskapasiteit fan de boezem yn kombinaasje mei fersterking fan regionale wetterkearingen. Mei oare oerheden wurde ôfspraken makke oer it ynlitten fan wetter út de Iselmar. It giet dêrby om de Iselmar as swietwetterbekken en de ferdieling fan swiet wetter oer de trije noardlike provinsjes.
- Skea oan it wettersysteem troch boaiemdelgong fanwege it winnen fan delfstoffen moat fergoede wurde troch de feroarsaker.
- Foar it winnen fan grûnwetter, foar drinkwetter, is de provinsje it foechhawwend gesach. It CDA wol dat de provinsje, mei oare ketenpartners lykas Vitens en it Wetterskip, de beskikberheid fan genôch en skjin drinkwetter foar ús ynwenners altyd garandearje kin.

SKJIN WETTER

Skjin wetter draacht by oan brede wolfeart: we kinne genietsje fan skjin wetter troch ferbettere swimgelegenheden en omdat we mear biodiversiteit sjogge. As we tinke oan belangrike trochbraken yn de folkssûnens en yn de medyske wrâld, dan tinke we bygelyks earst oan saken lykas de útfining fan penisilline of dy fan pasteurisaasje. We ferjitte lykwols dat de oanlis fan riolearringen de grutste trochbraak west hat dy't ta in frij grutte ferlinging fan de libbensferwachting fan de befolking soarge hat. Net suvere loazingen fan dy rioelstelsels soargen derfoar dat de kwaliteit fan it oerflaktewetter yn de fyftiger jierren noch oanmerklik minder wie as hjoed-de-dei.

GJIN FERSMOARGING YN IT REINWETTER

De oanlis fan rioelwetersuveringsynstallaasjes yn Nederlân fregen kostbere yvestearringen dy't foarearst betelber bliken te wêzen troch tûk te yvestearjen. It CDA hat hjir altyd sterk foar pleite, mar we binne der noch net. Fierdere ferbetteringen binne mooglik en ek nedich. Yn stêden en doarpen is de wetterkwaliteit sterk ferbettere. It oant no ta loskeppele reinwetter fan de riolearringen soarget foar minder fersmoargjende oanfier by de wetersuveringsynstallaasjes. De ambysje is om alle reinwetter fan de mingde riolearringen los te keppeljen sadat rioeloerstoarten ta it ferline hearre.

MEDISYNRESTEN

Medisynresten fersmoargje it miljeu en kinne foar net winske effekten op bist en minsk soargje. Hoewol't it kostber is, moat mei oare weterskippen en bedriuwen technyk ûntwikkele wurde om medisynresten út it ôffalwetter te heljen. Previntyf moat dizze fersmoarging by de boarne oanpakt wurde troch û.o. it ynleverjen fan âlde medisinen by de apoteek (noch mear) te stimulearjen en ôfspraken te meitsjen mei soarchynstellingen.

BEROPS EN REKREAASJEFEART

It CDA fynt it soarchlik dat oant hjoed de dei it probleem fan net suvere loazingen troch de beropsfeart en de rekreaasjefeart noch bestiet. Fóár it ein fan de kommende bestjoersperioade moat dit mei de gemeenten en de provinsjes Grins en Fryslân oplost wêze.

ÔFBREKBERE BIOPLASTICS ÛT ÔFFALWETTER

Weterskip Fryslân yvestearret mei in tal oare weterskippen yn it Phario-projekt. Hjirby giet it om in nije demo-ynstallaasje foar it winnen fan folslein ôfbrekber bioplastics út ôffalwetter. It ôffalferwurkingsbedriuw HVC en technologyleveransier Paques partisipearje ek yn it projekt mei de namme PHA2USE. De output fan de Rioelwetersuveringsynstallaasjes kin in konstante ynput foarmje foar dizze ynstallaasje wêrmei't in duorsume ferwurking befoardere wurdt. It CDA stimulearret dizze oanpak.

Wy stean foar:

- Mei de Fryske gemeenten komt der in oplossing foar net suvere loazingen troch de rekreaasjefeart.
- It CDA stimulearret partisipaasje fan Weterskip Fryslân yn it Phario-projekt.

KLIMAAT & BIODIVERSITEIT

Op it gebiet fan klimaat en biodiversiteit leit yn it kader fan rintmasterskip in yngewikkelde opjefte. Klimaatferoaring en it biodiversiteitsfraachstik freegje om akseptasje fan feroaring en de fleksibiliteit om dêr mei om te gean. In stap foarút sette foar folgjende generaasjes, foardat der gjin romte mear is foar keuzes, is foar it CDA belangryk. Dêr is finansjele romte foar nedich, romte dy't der net is. Us diken kinne net einleas ferhege wurde. Dat jildt ek foar it tsjinhâlden fan it sâlt wurden fan 'e grûn. Ekstreem waar, drûchte en mear rein, sille faker foarkomme. Je kinne je dan ôffreegje hoe lang je yn in feroarjende omjouwing itselde dwaan bliuwe kinne.

SELS ENERZJY OPWEKKE

De Rioelwetersuveringsynstallaasjes brûke lykwols in soad enerzjy foar it suverjen fan it ôffalwetter, en mei de ekstra suveringsmaatregels dy't nedich binne wurdt dat noch mear. It CDA wol dat yn 2030 alle enerzjy dy't dêrfoar nedich is, sels opwekt wurdt. Dat is net allinnich better foar it klimaat, mar op termyn ek foar de beurs.

WEROMWINNE FAN NUTRIËNTEN ÚT

It CDA wol ek ynsette op it weromwinnen fan nutriïnten en mineralen út ôffalwetter. It suvere wetter hat noch hieltyd mineralen sa as fosfaten en nutriïnten. It weromwinnen hjirfan is belangryk. It kin brûkt wurde yn de lânbou. Benammen yn it ljocht fan de hjoeddeiske ôfhinklikheid fan keunstdong út it bûtenlân is dizze foarm fan sirkulariteit nedich en aktueel. Sa kinne we wetter én iten noch mear ferbine.

MINDER TEGELS

Troch minder tegels en mear grien komt der mear wetter yn it grûnwetter. Behalve dat dit goed is foar it wetterôffiersysteem, wurdt tefoaren kaam dat ôfstreamend reinwetter ûnderweis fersmoarge rekket en it oanwêzige oerflaktewetter belêstet. It soarget ek foar mear ferdamping yn de stêd en ferminderet hjittestress. De spûnswurking fan de bebouwing en de kwaliteit fan it oerflaktewetter wurdt fergrutte. En dêrmei kin besparre wurde op KRW-útjeften. It CDA wol in programmatyske oanpak om skoalpleinen griener te meitsjen, tegels yn tunen te fefangen troch grien, reinwetter fêst te hâlden yn tunen, hiemen en iepenbier grien. In oar foarbyld is om reinwetterstonnen te pleatsen, griene dakken oan te lizzen en geveltunen te meitsjen. Oerheden kinne dit stimulearje, seker ek finansjeel. In goede gearwurking tusken Wetterskip Fryslân en gemeenten is needsaaklik om dit te realisearjen.

It CDA wol dêrneist dat gemeenten, bedriuwen en wenningkoöperaasjes harren mei-inoar ynsette op it klimaatadaptyf meitsjen fan harren gebouwen en terreinen. Dat kin bygelyks troch de oanlis fan in iepen wetterberging en minder gebrûk fan stiennen en tegels. Ek dizze, op it each lytse stappen, liede ta it fêsthâlden fan wetter en biede romte oan grien. Belangryk yn tiden fan wetteroerlêst en seker ek by drûchte.

GRIEN KOSTET JILD

As CDA fine wy it belangryk om dy ekstra stap te setten, mar dêr moat wol jild foar beskikber komme. Elkenien fynt biodiversiteit belangryk. De lêsten foar it duorsum meitsjen kinne net allinnich mar lizze by ién of inkele brûkers. Dy lêsten moatte sprieden wurde. Wetterskip Fryslan hat alle dagen te meitsjen mei de gefolgen fan klimaatferoaring yn har wurkgebiet. Waarsekstremen lykas lange perioades fan rein, klusterbuien, drûchte, sâlter en wieter wurdende grûn en ferdrûging binne mear regel as útsûndering. De stiging fan de seespegel en boaiemdelgong feroarsaakje ekstra kosten om de feilichheid fan de seekearing en de boezemkaden te garandearjen. Fryslân, as wetterrike provinsje, ûnderfynt dêrfan de gefolgen. De mearkosten kinne net allinnich ôfskood wurde op Wetterskip Fryslân. Der sil dêrom neitocht wurde moatte oer hoe't oanspraak makke wurde kin op nasjonale en mooglik ynternasjonale solidariteit om de kostestruktuer yn 'e hân te hâlden. De wetterskiplêsten sille foar de Fryske boarger "beheind" bliuwe moatte.

AGINDA FOAR IT WAADGEBIET

Fryslân is in kustprovinsje, grinzjend oan de Waadsee en de eilannen oan de Noardsee. Yn de Aginda foar it Waadgebiet komt in tal binnendykse en bûtendykse tema's byelkoar. It CDA fynt it needsaaklik dat Wetterskip Fryslân partisipearret yn de stjoergroep fan de Gebietsaginda it Waad. Dizze gebietsaginda is rjochte op libje en wurkje oan de kust, wêrby't de draachkracht fan de natuer in liedend elemint is. Mear natuerlikheid yn kombinaasje mei Europeeske natueropjeften, adaptyf behear en dynamyk kin wolris net passe by feilich wetterbehear en agrarysk gebrûk krekt achter de dyk. Wetterskip Fryslân sil dêrom in dúdlike fisy opstelle moatte wat de bydrage wêze moat oan de opjeften op it gebiet fan it sâlter wurden, Holwert oan See, dykfersterking, de Waadseedyk en -doelen, en de Lauwersmar.

BIODIVERSITEIT EN LÂNSKIP

Fryslân is in echte lânbouprovinsje. Us boeren op klaai-, sân- en feangrûn soargje foar poatguod en molkeprodukten fan wrâldklasse dêr't in soad minsken ôfhinklik fan binne. De lânbou stiet foar in opjeft foar it duorsum meitsjen, dêr't ek peilbehear in rol yn hat. Tink oan greidefûgelbehear mei plas-dras gebieten, fiskmigraasje fia boeresleatten, fan ûnder mear stikelbaars en iel en diskusjes oer natuerlijkfreonlike wâlen. De weardefolle poatierappelsektor is ôfhinklik fan in goed wurkjend wettersysteem mei genôch oan- en ôffier fan swiet wetter.

It CDA is fan miening dat it net of-of is, mar dat der maatwurk levere wurde moat en kontakt mei de ûndernimmer, de grûnbehearder, fan grut belang is. Op dit tema moat sprake wêze fan 'the Right to Challenge'. In boer wit wat der op syn grûn en bedriuw wol en net kin. Wetterskip Fryslân moet nau mei de boer gearwurkje, om sa te kommen ta oplossingen dy't goed binne foar minsk, natuer én beurs – sûnder dêrby de doelstellingen fan feilich, genôch en skjin wetter út it each te ferliezen.

EKSOATEN

It fergruitsjen fan de biodiversiteit kin in moai stribjen wêze, mar net alle soarten binne wolkom. Guon soarten, lykas de beverrôt en muskusrôt, kinne skea oanbringe oan de diken, wêrtroch de wetterfeilichheid ûnder druk komt te stean. Foar beide soarten is it belied lanlik regele én jildt dat it doel is om de populaasje yn Nederlân sa lyts mooglik te hâlden troch de ynstream út Dútslân wei te beheinen. Dit skeelt op termyn ek yn de kosten, omdat der primêr yn it grinsgebiet kontrolearre wurdt.

Bisten en soarten dy't oerlêst feroarsaakje binne de Amerikaanske rivierkreeft en de wolhânkrab. De rivierkreeft komt sûnt de jierren '60 foar yn Nederlân en ferspriedt him hiel hurd, ek yn de Noardlike wetters. Dizze soart graaft tunnels en skansearret sa wâlen en

kearingen, knipt de stâlen fan wetterplanten troch en soarget foar fertroebeling fan it wetter. Dizze soart yt ek ynlânske soarten én fermannichfâldiget him hiel fluch. Datselde jildt foar de Sineeske wolhânkrab, in soart dy't migrearret en dêrtroch ek yn it binnewetter komt. It bestriden fan dizze krab- en kreefteftigen is lêstich, der is wol beropfsfiskerij op dizze soarten, mar effektive bestriding hat pas doel wannear't der in frij grut part fan de populaasje fuortfiske wurdt en konfliktearje kin mei de fangst fan oare (mear kwetsbere) soarten, lykas iel. Ek de wetterplant Watercrassula (Crassula hemsii) is in soarch, omdat dizze soart fluch begjinne kin te woekerjen en dominant wurdt, wat de trochstreaming fan wetter behinderje kin en de wurking fan gemalen fersteurt, neist de ferstikkende wurking yn it wettermiljeu sels.

Wetterskip Fryslân lûkt in soad jild út om dizze eksoaten te bestriden. De fraach is oft Wetterskip Fryslân dit allegear sels betelje moat. It CDA pleitet derfoar om der by it Ryk op oan te trúnjen hjir ek oan by te dragen.

NATURA 2000 GEBIETEN

Yn Fryslân wurde gebietsprosessen opstart wêrby't hydrology in belangryk tema is. Ut lanlik belied wurde doelstellingen opsteld foar de tolve Natura 2000 gebieten yn Fryslân. Wat it CDA oangiet komme der net mear Natura 2000 gebieten, en is der konform eardere tasizzingen fan it Ryk oan ús Provinsje nea sprake fan planologyske skaadwurking op de omjouwing om dizze gebieten hinne. It CDA pleitet derfoar dat it Wetterskip kostebewust en skerp definiearret wat de bydrage is oan de útfieringsaginda yn en rûnom de N2000 gebieten. Wat heart ta de wetlike taak en wat bydraacht oan de brede maatskiplike doelen.

Wy stean foar:

- Rioelwettersuveringsynstalaasjes wakke yn 2030 alle enerzjy dy't nedich is foar it suverjen fan it ôffalwetter sels op.
- Nutriïnten en mineralen út ôffalwetter wurde weromwûn.
- Mei de Fryske gemeenten wurkje we in plan út foar it ferfangen fan ferhurding troch grien om hjittestress foar te kommen, fersmoarging fan ôfstreamjend wetter te ferminderjen en it fêsthâlden fan wetter te befoarderjen.
- Troch in programma stimulearje fan inisjativen om bygelyks skoalpleinen en terreinen yn de iepenbiere romte wêr mooglik griener te meitsjen, tegels yn tunen te ferfangen troch grien, reinwettertonnen te pleatsen, griene dakken oan te lizzen en geveltunen te meitsjen. Lit reinwetter fan dakken mar by dy yn 'e tún streame om ferdrûgjen foar te kommen.
- Mei oerheden, bedriuwen en wenningkoöperaasjes sette we yn op it klimaatadaptief meitsjen fan harren gebouwen en terreinen, troch de oanlis fan iepen wetterberging en it redusearjen fan de oanlis fan ferhurdingen.
- Oerlis mei Den Haag en Brussel foar in evenredige ferdieling fan kosten dy't fuortkomme út klimaatferoaring. Mearkosten kinne net allinnich ôfskood wurde op Wetterskip Fryslân. In fûns fan it Ryk (wetterskipsfûns, konform gemeente en provinsjefûns) foar wetterskippen yn relaasje ta dy grutte opjeften is winslik.
- We ynvestearje yn it oanlizzen fan wetterberging om wetteroerlêst foar te kommen yn stêden en doarpen.
- Wetterskip Fryslân sil de kommende jierren útdrukliker partisipearje yn de stjoergroep fan de Gebietsaginda it Waad

- Feilichheid is belangryk. Foar 2030 is in wurkjend ôffiersysteem út de Lauwersmar wei realisearre. 70% fan it Fryske wetter streamt fia de Lauwersmar nei de Waadsee, en it boargjen fan dy ôffierkapasiteit yn wiete perioaden is foar it CDA in kearnpunt.

FEANGREIDE

De boaiemproblematyk yn it feangreidegebiet is al jierren ûnderwerp fan gesprek en diskusje. Belutsenen moatte dúdlikheid krije oer hokker maatregels de oerheden nimme wolle en hoe't neidielige gefolgen kompensearre wurde. Liedend hjiryn binne de fêststelde oanpaste Feangreidefisy fan provinsje Fryslân en Wetterskip Fryslân en de troch it kabinet fêststelde klimaatdoelstellingen.

It CDA ûnderskriuwt de klimaatdoelstelling en stribbet dernei om de CO₂-emisje troch feanoksidaasje te ferminderjen. Duorsume ûntwikkeling fan it feangreidegebiet is in kwestje fan maatwurk, wêrby't fia in op it gebiet rjochte oanpak keuzes makke wurde kinne. Wetterskip Fryslân is hjir op basis fan kennis folweardich ynhâldlik partner fan de provinsje. De provinsje stelt it kader, Wetterskip Fryslân hat in advisearjende en útfierende rol. De omfang fan de finansjele bydrage moat beheind bliuwe om de wetterskiplêsten behearsber te hâlden.

Yn 2017 is it klimaataakkoart fêststeld. De reduksjedoelstelling maatregels útlein. Feangreide stiet lanlik foar de reduksje-opjefte fan 1 megaton CO₂. Fryslân hat him yn de feangreidefisy 2021 kommittearre oan in CO₂ reduksje-opjefte fan maksimaal 0,4 Megaton foar 40.000 ha. It fêststellen fan in definityf útfieringsbelied basearre we op ûnderfiningen en útkomsten fan de pilots yn it feangreidegebiet. It belied rjochtet him op in útfieringsprogramma 2020-2030.

PEALROT

It CDA stribbet nei in robúst en takomstbestindich wettersysteem. It behear is rjochte op takomstperspektyf foar de agraryske sektor en de bewenners dy't te meitsjen ha mei pealrotproblematyk. It is needsaaklik om each en ear te hawwen foar de minsken dy't harren beneidiele fiele troch oanpassingen fan it peil. De steat fan wenningen en pleatsen is in ferantwurdlikheid fan de eigers, it Wetterskip wol lykwols meitinke yn winslik en adekwaat peilbehear yn de beboude omjouwing. Generyk kin steld wurde dat de doelstellingen om fia goed wetterbehear en in sekere drûchlizzing de kwaliteit fan ús wurk en wenomjouwing te optimalisearjen, positive gefolgen hân ha foar alle ynwenners, grûn en ûnreplik guodeigeners.

BOAIEMDELGONG

CDA wol him, mei oare partijen, ynsette foar it fierder ûndersykjen en tapassen fan techniken dy't de boaiemdelgong en CO₂-útsjit ferminderje. Dêrfoar is it needsaaklik om genôch wetter beskikber te hawwen om ûnderwetter- en drukdrainaazje tapasse te kinnen. Oare ynnovative koste-effektive techniken wurde stimulearre om it feangreidegebiet yn stân te hâlden.

FAN ÛNDEREN OP

Gebie Gebietsprosessen moatte fan ûnderen op ta stân komme. Dêrom makket Wetterskip Fryslân diel út fan it Bestjoerlik Oerlis Feangreide en fasilitearret de gebietsgroepen mei kennis en ynset. Goede foarbylden fan gebietsprosessen lykas yn Aldeboarn, de Deelen en de Groote Veenpolder binne eksemplarysk foar oare gebieten. Oanpak rjochte op it gebiet fan ûnderen op is de kaai ta in suksesfol útfieringsprogramma. Oare tema's lykas stikstof en biodiversiteit wurde tagelyk oppakt yn in dielde ferantwurdlikheid mei oare oerheden.

De mienskip draacht goede ideeën oan foar de ynrjochting fan it gebiet. Der wurdt respektfol omgien met eigendommen dêr't generaasjes lang famyljes wenje en wurkje.

Als Wetterskip Fryslân ekstra taken ynset om boaiemdelgong te ferminderjen bûten de wetlike taken wol en mei sy, mei de provinsje Fryslân, oanspraak meitsje op de nasjonale klimaatjilden.

Wetterskip Fryslân stimulearret mei de provinsje ferheging fan it peil troch it ynsetten fan carbon credits. Goed wurkjende foarbylden wurde stimulearre en fierder útrôle. Lânbougrûn hâldt earst de agraryske funksje mei in passend (lânbou)peil. Grûneigeners kinne oanspraak meitsje op flankearjend belied as sy skea ûnderfine fan it ferhege peile, yn oerienstimming mei de fêststelde feangreidefisy 2021. Wetterskip Fryslân wurket mei oan it pleatsen fan peilbuizen (boeren mjitte wetter) om ynsicht te krijen yn de (koste)effektiviteit fan maatregels dy't ynset binne. It CDA stimulearret in fleksibel peilbehear dat past yn en mei oerlis fan it gebiet.

Wy stean foar:

- In leefber feangreidegebiet dêr't wenje, wurkje en rekreëarje mooglik is en bliuwt.
- In passend peil foar alle funksjes, lânbou, natuer en wenjen. Heger As it Kin, Leger As it Moat (HAKLAM)
- Skea dy't ûntstiet en feroarsake wurdt trocht peiloadpassingen yn feangreidegebiet binne adekwaat regele foardat peiloadpassingen ta stân komme.
- Mei in lege beurs is it dreech om plannen te meitsjen. Foar eltse dielname yn gebietsprosessen is fan tefoaren helder wat it finansjele berik is.
- In aktive lobby rjochting lanlike en Europeeske oerheden om mei-inoar draachflak en finansjele stipe te krijen foar transformaasje yn it feangreidegebiet.
- It ûndersykjen fan mooglikheden fan it frijwillich ferheegjen fan it wetterpeil troch boeren op eigen perselen. Hjirtroch wurdt de CO₂-útstjit fermindere omdat de oksidaasje fan it fean stadiger ferrint. Wetterskip partisipearret yn mooglikheden om carbon credits ta wearde te bringen

WETTER EN BOAIEM

Foar it CDA is in wetterskipsbestjoerder gjin eigener fan it besit, mar in rintmaster. Goed rintmasterskip stiet foar it stribjen nei in duorsume ûntwikkeling en is rjochte op de lange termyn en net op fluch gewin. As we **feilich** wenje en wurkje wolle, as we **genôch** (swiet)wetter hawwe wolle wêr't dat nedich is en as we wolle dat ús ôffalwetter **skjin** wurdt, wolle we mei it Wetterskip in **organisaasje** wêze dy't dit regelet. Sa'n organisaasje freget in tûke oanpak wêrby't oanhâldend goede keuzes makke wurde foar skjin wetter en in sûne boaiem, en allegear yn relaasje mei in sûne finansjele posysje fan it Wetterskip.

Foar it CDA binne dus belangrike útgongspunten dat der sprake is fan in sûne en realistyske finansjele húshâlding mei in **slutende begrutting**, **genôch reserves** (minimaal 8 miljoen euro), ferleging fan de hjoeddeiske skulden mei in **maksimale skuldkwote** (totale skuld dield troch totaal begrutting) fan 2.5 en sa leech mooglike tariven foar boargers en bedriuwen.

YNVESTEARRINGEN EN KOSTEN

FEILICHHEID

Feilichheid stiet foar it CDA op **nûmer 1**. De kosten dy't makke wurde moatte, binne nedich foar it wetter fan de see, it wetter yn de boezem en it wetter yn de polders. Foar de ynvestearringen yn de Iselmardiken partisipearje we mei in eigen bydrage fan 10% yn it Heech Wetter Beskermings Programma (HWBP).

Konkreet:

- Foar de fersterking fan de waaddyk Koehool-Lauwersmar betellet it Wetterskip sirka € 30 miljoen en biedt (sûnder kosten) romte oan koppelkânsen foar duorsumens, ekology en romtlike kwaliteit. Ek it ûnderhâld en it behâld fan regionale (boezem)kearingen freget alle jierren nochal wat miljoenen.

GENÔCH WETTER

It CDA stiet foar de betelberheid fan betroubere gemalen mei genôch kapasiteit foar in optimale behearsing fan de winske peilen. Foar hekkelje, baggerwurken en bestriding fan eksoaten binne alle jierren grutte bedragen anneks. We wolle by tefolle wetter in optimale ôffier en by te min wetter dat we troch it ynlitten út de boezem en de Iselmar de polders fan genôch wetter foarsjen kinne, bygelyks foar it bereinen fan de gewaaksen. Hjirfoar wurde kosten makke foar enerzjy, behear en ûnderhâld fan keardammen en gemalen, ûnderhâld fan farwegen (E en F), ekstra wetteropfang, wetterôffier ensfh. It CDA stimulearret it om dit mei de mienskip te dwaan.

Konkreet:

- It CDA wol in útwurke plan hoe't the Right to Challenge tapast wurde kin om kosten te besparjen, en regionale bedriuwen en ynwenners by it wurk fan it Wetterskip te belûken.
- It CDA wol dat der troch Wetterskip Fryslân in berop dien wurdt op nasjonale en ynternasjonale fûnsen om de kosten troch feroaring fan klimaat betelje te kinnen.
- It CDA docht in berop op alle ynwenners, bedriuwen, boeren en natuer om safolle mooglik wetter opfange te kinnen op eigen grûn of fia in skjinwetterstelsel sadat der minder wetter ôffierd hoecht te wurden en der minder kosten makke hoege te wurden om it grûnwetterpeil op nivo te hâlden.

- It CDA docht in berop op de terrein behearende organisaasjes om yn natuergebieten te soargjen foar goed ûnderhâld en in goede wetterhúshâlding, sadat drûchte beheind wurde kin en wêrtroch de kosten fan Wetterskip Fryslân yn in logyske ferhâlding stean ta de beheinde opbringsten út dy gebieten.

SKJIN WETTER

We wolle dat ús smoarge ôffalwetter fia de riolearring en de parslieding ôffierd wurdt nei in suveringsynstallaasje en dêr suvere wurdt wêrnei't it wer skjûn nei it oerflaktewetter kin dêr't we feilich yn fiskje en swimme kinne. It CDA stiet foar in goede kwaliteit fan it suvere ôffalwetter, wêrby't in berop op de Mienskip dien wurdt om ekstra kosten fan suvering foar te kommen.

Konkreet:

- It CDA docht in berop op alle ynwenners, bedriuwen, boeren en natuer om safolle mooglik wetter op te fangen op eigen grûn. Gemeenten wurde oanmoedige om fia de oanlis fan in skjûnwetterstelsel foar te kommen dat reinwetter by de rioelwettersuveringen delkomme kin.
- It CDA docht in berop op alle ynwenners, bedriuwen, soarchynstellingen, boeren en natuer om safolle mooglik fersmoargjende middels net fia de WC of troch it rioelputsje te spielen mar dizze middels previntyf te ferwurkjen. Dit leveret in geweldige besparing op de kosten fan suveringsynstallaasjes en jout positive effekten op de kwaliteit fan it oerflaktewetter.

ORGANISAASJE

It CDA wol in effisjinte organisaasje mei in moderne-tûke oanpak dy't alles goed yn byld hat, foar minsken klear stiet as it nedich is en de (kearn)taken goed en yntiids útfiert.

It CDA stiet foar in moderne effisjinte organisaasje, slimme techniken biede kânsen om de wurkorganisaasje te optimalisearjen. We hawwe each en ear foar in praktyske wurkwiize wêrby't de kearntaken foarop steane. Der wurdt gebrûk makke fan de ynnovative kennis fan bedriuwen en ynstellingen.

Om selsstannich har kearntaken út te fieren wol it CDA dat Wetterskip Fryslân beskikt oer genôch kwalifisearre persoanen. Neist kompetinsjes op technysk en ynhâldlik flak binne meiwurkers sosjaal kompetint, by de omjouwing belutsen en wolle se "Oparbeidzje mei de mienskip".

Konkreet:

- It CDA freget de organisaasje om yn relaasje ta it reguliere behear hieltyd wer kontakten mei belanghawwenden te ûnderhâlden en betiid kontakten te lizzen mei it wurkfjild as der sprake is fan it útfieren fan ekstra wurksomheden. It Wetterskip wurket mei draachflak en wit de lokale kennis en belutsenheid op wearde te skatten en mei-inoar de bêste beslissingen te nimmen.
- It Wetterskip stiet iepen foar, en wurket pro-aktyf oan kontakten mei de mienskip, en jout rayonmeiwurkers dêrfoar binnen fêststelde kaders in grut foech om sûnder oerstallige bureaukrasy doelmjittich gear te wurkjen mei eigeneren en brûkers. As it nedich is, is sprake fan in flugge en akkurate ôfhanneling fan opmerkingsen en klachten.
- It CDA freget fan de bestjoerders in saaklike ynslach wêrby't rintmasterskip as útgongspunt hantearre wurdt. Dit is ek fan belang by it meitsjen fan drege (finansjele) keuzes en de

befeiliging fan budgetten en tariven. Heechste doel yn finansjele sin is om de druk op de lêsten foar it suverjen en behear fan wetter yn de takomst behearsber te hâlden.

- It CDA stiet foar in slutende begrutting en betelbere tariven foar eigeners en brûkers, rekken hâldend mei maatskiplike ûntwikkelingen. Wêr mooglik en needsaaklik binne besunigingen in kâns om de tariven behearsber te hâlden.